

Antikonsept

skreaun foar it Ratatetteprogram "in heale maraton op platfuotten yn 1996

ha jim oait noch wat heard fan it frouwekondoom
of is dat al wer út 'e moade
lêsten brûkte in boer út Bergen op Zoom
se as hanfetten om in âld kroade

en de pil foar de man, komt dêr noch wol wat fan
it waard kundige mei in bult drokte
mar ik tink dat dy man fan dat man-pille-plan
him sels yn syn pillen ferslokte

mar ek mei in spiraal is de man gau de klos
want in frou sit dochs wier net te springen
foar't se frije wol op in spiraaltsjematras
sa'n spiraal by har sels yn te bringen

en dan krijst dat geseur fan fiskaal-ynspekteur
oer ferantwurdig fan alle kosten
"kondooms en de pil ken der echt niet op deur
foor et aftrekken ben dat geen posten!"

© Doede Veeman